

Gemeente Opsterlân

KATEGORY	OANTAL	YNVESTARRE TROCH DE PROVINSJE FRYSLÂN
 ENERZJY EN DUORSUMENS	7	€ 148.000
 KEUNST EN KULTUER	29	€ 191.193
 LEEFBERENS	31	€ 435.756
 MIENSKIP EN BEDRIUW	4	€ 23.841
 NATUER EN KULTUERHISTOARJE	21	€ 229.559
 SPORT	5	€ 62.262
 FERDUORSUMJEN MIENSKIPSGEBOUWEN	9	€ 288.815
 SOARCH EN WOLWÊZEN	6	€ 167.940
 FRYSLÂN FERBYNT – VRIJWILLIGERSDAG 2024	12	€ 6.000

Tankwurd

Ut namme fan de Provinsje Fryslân wol ik jimme as belutsen ynwenners, organisaasjes en frijwilligers tank sizze foar jimme grutte ynset yn de ôfrûne jierren! Mei troch jimme en help fan de Provinsje binne tal fan inisjativen ta útfiering brocht. Mei-inoar hawwe wy ús direkte libbensomjouwing moaier makke. Yn doarp, wyk en stêd. Sûnt 2015 stipet it Iepen Mienskipfûns tûzenen ideeën – grut en lyts. Allegear foar ús Fryske mienskip. Dat binne saken om grutsk op te wêzen en dêr geane wy ek mei troch. Sa bouwe wy fierder oan in leefbere en moaie provinsje dy't ús bynt.

Sijbe Knol
Deputearre Leefberens



GEMEENTE OPSTERLÂN

10 jier Iepen Mienskipfûns

It Iepen Mienskipfûns bestiet 10 jier. Foar jo leit de ynformaasjeblêd fan de gemeente Opsterlân. Hjiryn kinne jo sjen hoefolle projekten de ôfrûne 10 jier troch de provinsje Fryslân stipe binne troch it Iepen Mienskipfûns.

Yn 2015 waard it Iepen Mienskipfûns oprjochte om subsidzjes dy't bedoeld binne foar frijwilligers tagonklikker en yntegrale te meitsjen en dat hawwe wy witten. Inisjatyfnimmers koene terjochte foar advys en help by oanfragen yn it streekhûs Súdeast Fryslân wat fêstige is yn De Gordyk. De provinsje waard oerspielt mei oanfragen. Fryslân brûst!



De Provinsje is grutsk dat se al 10 jier bydraacht oan it noch moaier en leefberder meitsjen fan de Fryske doarpen, wiken en eilannen. Mear ynformaasje oer it fûns en oankommende iepenstellingen treffe jo op: fryslan.fr/imfoanfreegje.

124

TOTAAL OANTAL PROJEKTEN

Yn totaal is € 1.553.366 troch de provinsje Fryslân ynvestearre yn projekten binnen gemeente Opsterlân. Dat is € 51,65 de ynwenner.

YNVESTARRE BEDRACH:

Bydrage provinsje Fryslân
€ 1.553.366



Multiplier 4,44

ÚTLICHT:

Ferbettering fasiliteiten fan Stichting zwembad de Delte op 'e Gordyk


Swimbad De Delte is troch frijwilligers yn 2015 fan de gemeente Opsterlân oernommen om dêrmei sluting foar te kommen. It wie nedich om de fasiliteiten fan it swimbad te ferbetterjen. Yn de ôfrûne tsien jier hat De Delte twa kear mei sukses subsidzje by it Iepen Mienskipfûns oanfrege. Yn 2018 is subsidzje ferliend foar û.o. de ynstallaasje fan in AED-apparaat, de oanskaf fan in swimbadstofsûger, led-ferljochting om de baden hinne en de ynrjochting fan it nije entregebou. Yn 2023 binne mei subsidzje út it Iepen Mienskipfûns de fasiliteiten fierder útwreide mei û.o. in pjuttebad en in famyljeglydsbaan. Ek is in boarne realisearre, sadat it swimbad yn syn eigen wetterferlet foarsjen kin.



Projektekaart gemeente Opsterlân

Sûnt de oprjochting fan it Iepen Mienskipsfûns (IMF) yn 2015 binne der al mear as 2500 projekten realisearre dy't de leefberens yn Fryslân ferbetterje. Dy inisjativen, inisjearre en útfierd troch ynwenners sels, hawwe net allinnich de regio fersterke, mar ek de ferbining en it eigenskip tusken de bewenners en harren omjouwing.

Dizze projektekaart jout in byld fan it tal ôfrûne projekten yn de gemeente Opsterlân.



TALJOCHTING:

Energjy en Duorsumens	Keunst en Kultuer	Leefberens
Mienskip en Bedriuw	Natuer en Kultuerhistoarje	Sport
Ferduorsumjen Mienskipsgebouwen	Soarch en Wolwêzen	Fryslân Ferbynt

OANTAL PROJEKTEN: 124

TOTAAL YNVESTARRE BEDRACH TROCH DE MIENSKIP: € 6.899.144

TOTAAL YNVESTARRE BEDRACH TROCH DE PROVINSJE FRYSLÂN: € 1.553.366